

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| |
|--|
| Yntsjinners: FNP, Sijbe Knol CDA, Attsje Meekma GrienLinks, Charda Kuipers D66, Bea Bijlsma SP, Hanneke Goede VVD, Durk Pool PvdA, Edou Hamstra PvdD, Menno Brouwer 50PLUS, Theun Wiersma ChristenUnie, Lieuwe van der Pol PVV, Max Aardema FvD, Albert van Dijk Maarten Goudzwaard |
|--|

| | |
|--------------|--|
| Moasje nr. | |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | |
| Beslút | |

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

| | |
|----------------------------|---|
| Steategearkomste | 20 jannewaris 2021 |
| Wurklistpunt | Moasje frjemd |
| Koarte titel fan de moasje | Moasje fan treurnis oan de Europeeske Kommisje oer it fersmiten fan it 'Minority SafePack Initiative' |

De Steaten, yn gearkomste byien op 20 jannewaris 2021

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- de Europeeske Kommisje op 15 jannewaris 2021 besletten hat dat sy gjin nij belied of wetjouwing yn gong sette sil nei oanlieding fan it Europeesk boargerinisjatyf 'Minority SafePack initiative', omdat de Europeeske Kommisje fynt dat soks net nedich is;
- Provinsjale Steaten fan Fryslân op 15 desimber 2020 unanym de Europeeske Kommisje oproppen hawwe it boargerinisjatyf 'Minority SafePack initiative' te stypjen;
- in trijekwart mearderheid fan it Europeesk Parlemint op 16 desimber 2020 de Europeeske Kommisje oproppen hat de foarstellen yn it 'Minority SafePack Initiative' oer te nimmen;
- 1.128.385 ynwenners fan Europa en in lange rige nasjonale en regionale parleminten en regearingen har stipe útsprutsen hawwe foar it 'Minority SafePack Initiative';

oerwaagjend dat

- de Europeeske Kommisje, troch gjin aksje te ûndernimmen nei oanlieding fan it boargerinisjatyf 'Minority SafePack Initiative', streekrjocht yngiet tsjin de oprop fan de Fryske Steaten, fan in romme mearderheid fan it keazen Europeesk Parlemint, fan mear as 1,1 miljoen boargers en fan keazen politisy yn ferskate EU-lannen en -regio's;
- dy hâlding fan de Europeeske Kommisje skea docht oan de demokratyske legitimiteit fan de EU;
- de beskerming fan persoanen dy't diel útmeitsje fan nasjonale en taalminderheden better regele wurde moat en it kulturele en taalkundige ferskaat yn de Europeeske Uny fersterke wurde moat;
- Provinsjale Steaten fan Fryslân min te sprekken binne oer it feit dat de Europeeske Kommisje de foarstellen fan it 'Minority SafePack Initiative' fersmiten hat en dêrmei in

MOASJE

MOASJE

| |
|---|
| demokratyske behanneling fan nij belied en wetjouwing yn it Europeeske Parlemint út de wei gien is; |
| sprekke Provinsjale Steaten fan Fryslân har treurnis út oer it hanneljen fan de Europeeske Kommisje; |
| fersykje de griffy om: <ul style="list-style-type: none">• it boadskip fan dizze moasje fan treurnis oer te bringen oan de Europeeske Kommisje;• in ôfskrift fan dizze moasje te ferstjoeren oan de parleminten, regearingen en oare partijen¹ dy't har rûnom yn Europa ynset hawwe foar it boargerinisjatyf; |
| en gean oer ta de oarder fan de dei |

| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening) |
|---------------|----------------------------------|
| | FNP, Sijbe Knol |
| | CDA, Attje Meekma |
| | GrienLinks, Charda Kuipers |
| | D66, Bea Bijlsma |
| | SP, Hanneke Goede |
| | VVD, Durk Pool |
| | PvdA, Edou Hamstra |
| | PvdD, Menno Brouwer |
| | 50PLUS, Theun Wiersma |
| | ChristenUnie, Lieuwe van der Pol |
| | PVV, Max Aardema |
| | FvD, Albert van Dijk |
| | Maarten Goudzwaard |

¹ Deputearre Steaten fan Fryslân, Tweede Kamer der Staten-Generaal, Minister-President Rutte, Minister van Friese Zaken Ollongren, Gedeputeerde Staten van Drenthe, Europeesk Parlemint, Europeeske Ried/Ried fan de EU, Europeesk Komitee fan de Regio's, Europeesk Ekonomysk en Sosjaal Komitee, Deutscher Bundestag, Bundesregierung, Schleswig-Holsteinischer Landtag, Landesregierung Schleswig-Holstein, Niedersächsischer Landtag, Landesregierung Niedersachsen, Landtag Brandenburg, Regierung Brandenburg, Der Sächsischer Landtag, Staatsregierung Sachsen, Parlament der Deutschsprachige Gemeinschaft Belgiens, Regierung der Deutschsprachige Gemeinschaft Belgiens, Conseil régional de Bretagne / Kuzul Rannvroel Breizh, Conseil régional du Grand Est, Folketinget, Danmarks Regering, Lietuvos Respublikos Seimas, Government of the Republic of Lithuania, Government of the Republic of Estonia, Riksdagen / Eduskunta / Parliament of Finland, Statsrådet / Valtioneuvosto / Finnish Government, Nationalrat der Republik Österreich, Bundesregierung der Republik Österreich, Landtag Burgenland, Burgenländische Landesregierung, Kärntner Landtag, Kärntner Landesregierung, Vláda České Republiky / Czech Government, Sejm Rzeczypospolitej Polskiej / Polish Parliament, Polish Government, Országgyűlés / Hungarian National Assembly, Magyarország Kormánya / Hungarian Government, Guvernul României / Romanian Government, Consiliul Județean Covasna, Consiliul Județean Harghita, Consiliul Județean Bihor, Consiliul Județean Mureș, Državni zbor / Slovenian National Assembly, Vlada Republike Slovenije / Government of the Republic of Slovenia, Hrvatski sabor / Croatian Parliament, Vlada Republike Hrvatske / Government of the Republic of Croatia, National Assembly of the Republic of Bulgaria, Senato della Repubblica, Camera dei deputati, Giunta regionale de Regione Autonoma Trentino-Alto Adige / Südtirol, Regionalrat Trentino-Südtirol, Südtiroler Landtag, Südtiroler Landesregierung, Parlament de Catalunya, El Govern de la Generalitat, Eusko Legebiltzara / Parlamento Vasco, Eusko Jurlaritza / Gobierno Vasco, Parlamento de Navarra / Nafarroako Parlamentua, Council of Europe, Parliamentary Assembly of the Council of Europe, Congress of Local and Regional Authorities, United Nations Special Rapporteur on Minority Issues, Federal Union of European Nationalities, Network to Promote Linguistic Diversity.